

de boat it achterdek
hjir stie 'k as famke ek
it sok fan 't wite skom op it griene wetter
mar it echte lok en avontuer komt letter
as seefûgels in hiele kloft
stikjes bôle fange út de loft
en as de seewyn
mei syn ûnferwachts fenyn
as in teken fan fertier
in wimpel makket fan myn hier

de boat it achterdek
hjir stie 'k as famke ek
mei heit deselde tuorkes oan te wizen
dy 't noch altyd boppe de seedyk útrize
van Marrum ôf de hiele rits
Ferwert Blije Holwert mei syn spits
en dan de seehûn
dy 't syn Waterloo hast fûn
op dat prachtich moaie waad
noch altyd slûgjend op syn plaat

nee ik begryp it ek net nee
do bist gjin lân do bist gjin see
mar do bist wol it stikje wrâld
dêr 't ik miskien it meast fan hâld

de boat it achterdek
hjir stie 'k as famke ek
sjoch mem sjoch heit de fjoertoer dêr leit Hollum
en dêr út de beammen stekt de toer fan Ballum
it eilân krijt al mear kontoer
fol ferwachtings gear 'k de plasse oer
en as ik oankom
bin ik yn de tiid werom
en fiel yn my it bern dat doe
sa soargeleas genietsje koe

nee ik begryp it ek net nee
do bist gjin lân do bist gjin see
mar do bist wol it stikje wrâld
dêr 't ik miskien it meast fan hâld

de boot het water en de wind
'k stond hier zo vaak ook al als kind
het zog van 't witte schuim op 't groene water
maar het echte leven en geluk komt later
zeemeeuwen die in hun vlucht
stukjes brood vangen uit de lucht
de waddenwind speelt een dartel spel
soms heel kalm en dan weer fel
storm op til als hij dat wil

jou te omschrijven valt niet mee
je bent geen land je bent geen zee
maar wel van onschatbare waarde
als de mooiste plek de allermooiste
plek op onze aarde

de boot het water en de wind
'k stond hier zo vaak ook al als kind
met papa naar de torentjes te wijzen
die al eeuwen boven de zeedijk uitrijzen
eerst Ferwerd en dan een hele rits
Marrum Blija Holwert met z'n spits
en op de dijk grazen de schapen
op het wad liggen zeehonden te slapen
lui en loom home sweet home

jou te omschrijven valt niet mee
je bent geen land je bent geen zee
maar wel van onschatbare waarde
als de mooiste plek de allermooiste
plek op onze aarde

de boot het water en de wind
'k stond hier zo vaak ook al als kind
kijk mam kijk pap de vuurtoren 't is Hollum
en daar zie je het torentje van Ballum
het eiland krijgt steeds meer contouren
en dat kan me altijd nog ontroeren
als ik van boord stap ben ik in één klap
het kind dat zorgeloos genieten kon
van water wind en zand en zon